



It is om de leafde te dwaan

Op 'e nij hat de Gerben Rypmastichting in knappe dichtbondel útjûn. Diz' kear is it *Brek dyn klank* fan Abe de Vries, in dichter en fakman mei kunde oan en gefoel foar in grutte, poëtyske tradysje.

De sande bondel fan dizze dichter dy't yn 2005 de Gysbert Japix-priis wûn, sjocht der tip top fersoarge út. De útjefte hat in hurd kaft mei op de omslach byldzjend wurk fan Pier Feddema: twa rôffûgels. De gedichten krije de romte op stevige siden fan in noflik formaat.

Yn it earste skift *Noardlike elegyen* priuwt men yn de titels de geast fan grutte (Fryske) dichters, in tradysje fan kwaliteit en leafde foar de Fryske taal. Sonate ien oant en mei fjouwer - titels yn it twadde skift *De krusen en de mollen* - binne ferwizingen nei muzikale foarmen.

Yn *Noardlike elegyen* sjocht de dichter werom op syn jeugd as wie it in tún yn 'e simmer. Hy sprekt Oedipus oan, en efkes letter, as hy bylden fan hege skuorren, Fryske kij en jonge fammen skilderet, ek de lêzer. Harmen Sytstra (1817-1862) wurdt parafrazearre, triieden wurde spand fan it âlde Grikelân nei 'in stjerreleaze Molkwei', de klok fan Goslinga wurdt neamd en de toer fan Martena. Mar dat doarp út syn jeugd bestiet net mear. 'Wêrom stiet dit doarp noch op de kaart? De strjitte is fol frjemde minsken.', sa skriuwt de dichter healwei it skift.

Yn it twadde skift sprekt er syn soan oan, ien dy't 'snaren strykt'; hy fertelt oer it útienfallen fan in houlik en de hope dat syn bern gelokkich wurde.

Op dyn klankboaiem leit myn spyt dat wy al net mear songen doe't dyn earen om hâld sochten, en dyn heit en mem tsjinsparteljend oan spikers hongen.

De dichter ken syn mearje en lit dat oer alle boegen sjen: yn it boarstsjen mei ferskillende fersoarmen, yn it brûken fan de rykdommen fan taal. Dochs giet krekt dat ambisjeuze, majestueuze karakter fan De Vries syn ferzen op kosten fan dat it jin rekket. Want yn dizze bondel skûlet it gefoel krekt yn it beskiedene, it ûnfertochte. Lykas yn tredde sonate fan it twadde skift: As alle stoarmen fan taal en tradysje –

spektakulêr, mar giseljend om de kearn hinne – stilfalle en in ploechje bern oanskillet, om te freegjen oft 'er' ek bûten komt. Mar hy is er net, seit de heit, de dichter, of hy kin net, want hy moat oefenje.

In side letter is it weromsjen op de jeugd foarby. As de dichter syn eigen plak relativearret en konsta-tearret

Ik ha in dak tsjin de drip. Wol bin ik foar goed brek dyn klank, glimk, tût

lit de kearn him sjen. De fjouwer fersen dêr't tredde sonate út bestiet, foarmje in beaken yn *Brek dyn klank*. Ek yn it dêrop folgjende skift *De wurden en de kleuren* hat it weibliuwen fan de skyl fan ambysje positi-ve effekten, lykas yn it gedicht *Fuotbalje*.

Yn dizze bondel skûlet it gefoel krekt yn it beskiedene, it ûnfertochte

Yn it lêste skift *Deadebetinking* pakt De Vries dochs wer flink út mei bylden en ideeën. De titels allinne al roppe hege ferwachtings op: *De bewizen, Wite strofen, It hûs Kostverloeren*. Konfesjoneel en beskôgjend grypt it werom op eardere tema's, lykas it houlik dat oarloch waard. Fragen as hoe't it kaam en wa't wat die en hoe't no fierder. En wa binne de deaden dy't betocht wurde? In doarwarder komt, mei 'brief, rekken en frage'. Mar de dichter kin bewize: 'it wie inkeld om de leafde te dwaan'.



Dichtbondel

Brek dyn klank

Abe de Vries

Gerben Rypma Stifting € 15,00 te bestellen fia www.gerbenrijpma.nl